



ZON-DAG BOEK

PROTESTANTSE GEMEENTE

Wurdum Fr e.o.

Snein 2 augustus 2026



Wolkom



De blommen gear
hjoed as groet fan ús
gemeente nei
Klaaske de Boer.

Alderling fan tsjinst,
Elizabeth mozes, hjit
alle oanwêzigen en
de minsken thús fan
herte wolkom.



1^e collecte: diaconie

2^e collecte: tsjerklik wurk

Wy sjonge as iepeningsliet liet 77: 1 en 3: *‘Lûd
rop ik yn need en pine om myn God: Hear, lit
Jo fine!’*



Hjirnei folgje **groetnis en
bemoediging:**

Foargonger: *Us help is yn `e
namme fan de Hear,*

Gemeente: *Dy't himel en
ierde makke hat*

Wy **bidde** in stil gebed

Drompelgebed:

Foargonger: *Sa't wy binne,
tink om ús, Jo, ús hope yn it tsjuster, Jo, ús
treast dêr't wy ferdwaald binne, want Jo wurd
jout ús it libben.*

Gemeente: *Lit Jo wurden yn ús brâne as in
fjoer foar hert en hannen. Amen.*

Wy sjonge liet 936: *‘Harkje nei de wyn, dy't in
liet fan leafde ken: ‘Stap myn romte yn, asto
treurich bist, myn bern, en ik lit dy wer laitsje,
silst wer fleurich sjen’*

In **Kyrietekst** fan Greet Brokerhof-Van der
Waa wurdt lêzen, bewurke en fertaald yn it Frysk

Hjirnei sjonge wy it **Glorialiet**, liet 657: 2 en 3:
*‘Al kin ik sels net sjonge omdat it my beset, it liet
op oare tongen seit: God ferjit dy net!’*

Tsjinst fan it wurd

Wy bidde it **gebed fan de snein**

De skriftlêzings binne út Genesis
37: 12 o/m 35 en út Jeremia 31: 15
o/m 17 en wurde lêzen troch Koosje
Reitsma.

Wy sjonge liet 166B: *‘Joazef siket
om syn broers. Alle tsien binne se
jaloersk’*



Preek

Spul en argewaasje yn `e famylje kinne je better
mar net ha. Mar yn de grutte famylje fan Jacob
is dit wol it gefal. It bibelferhaal fan fannemoarn
soe útlein wurde kinne fanút ferskate
personages; Jacob, de heit, wolle wy yn dizze
preek it meast beljochtsje. Jacob stjoert Joazef
derop út mar wit neat fan alles wat ûnderweis
bard is. Joazef ferdwynt fan it toniel en sil nea
wer thús komme by syn heit. De broers litte
Joazefs mantel oerbringe nei harren heit. Jacob
syn reaksje is hertferskuorrend. Hy ferskuort syn
klean en rouwt in skoft om Joazef. Hoe lang
moatte minsken rou drage? Rouwe past net yn
in tiidskema. Minsken hawwe alle tiid om te
rouwen want rouwerwurking is faak hurd
wurkjen. Jacob wurdt treasten mar Jacob wol
him net treaste litte. Dit is syn goed rjocht. It is
muoilik te bergipen as minsken treast net talitte.

Dit is dan in foarm fan protest, fan ferset en tagelyk ek in bewiis fan moed. Want der is in soad moed foar nedich om de hope net te ferliezen. Jacob hat de hope noch net opjûn want Joazef syn lichem is der net. It fertriet is der net minder om en dizze rouw kin ek in foarm fan trouw wêze. Trouw oan in sprankje hope dy't bliuwt. Der sit ek in oare kant oan sitewaasjes weryn't minsken wei rekke binne en



werfan it stoflik omskot nea fûn is. Neibeseanden kinne dan harren fertriet net ôfslûte. As sy it ferlies wol akseptearje dan fielt it miskien oan as ferried. Jierren letter is de hope fan Jacob dochs noch útkaam: hy seach Joazef werom. As minsken gjin treast wolle kin fan harren wegering ek in soart krêft útgean, de krêft fan de hope. Dizze hope meie wy harren net ûntnimme. Dizze hope moatte wy as gemeente fan Christus, foaral yn minne tiiden, heechhâlde.

Momint fan stilte

Oargelmusyk

Wy sjonge liet 756: 1, 2, 4 en 6: *'Lit komme, hear, jo ryk, jo keninklike dei, kom as in foarst allyk, dat elk jo macht sjen mei!'*

Tsjinst fan it antwurd

Ynsameling fan de jeften

Tankgebed, foarbea en stil gebed

Wy slûte de gebeden ôf troch meiinoar te sjongen: *'God fan fier en hein ús Heit, dat wy hilligje jo namme, ûnder ús sa faak ûntwijd, troch jo eigen bern beskamme'.*

As **slotliet** sjonge wy liet 418: 1 en 2: *'God, skink ús de moed ticht by Jo te bliuwen, dan sil neat ús hjoed útinoarren driuwe'*



Sinding en Segen

It **'Amen'** wurdt meiinoar songen.



Nei de tsjinst is it tiid foar in bakje kofje en in praatsje..



Meiwurkers

Foargonger:	ds. Wybe Feenstra út Burgum
Oargelist:	Klaske Deinum
Alderling:	Elizabeth Mozes
Diaken:	Jannie Lindeman
Lector:	Koosje Reitsma
Koster:	Folkert Jongbloed
Beamer:	Hendrik Hiemstra
Blommen:	Geertje Talsma
Tekst: CBB	Foto: NSH